

# Wat kin ús dat deare

Dit liet waard hyltyd wer oanpast oan de aktualiteit

in earder ferzje is útbrocht op LP/CD "Húske"

lit dy net troch dat hele  
tryste tele-  
fyzjenis ferfele  
wat kin it dy skele  
lit se mar wakker sweare,  
wat kin ús dat deare  
de wrâld giet dochs nei de bliksum, dat kin wy net keare

lit ús mar oaljebaarne  
broeigas jaan en  
al it iis mar rane  
kinst dochs neat oan dwaan ju  
broeikas en atmosfearen  
wat kin ús dat deare  
de wrâld giet dochs nei de bliksum, dat kin wy net keare

fergapje dy mar oan de riken  
al docht bliken  
rykdom giet oer liken  
sy witte fan gjin wiken  
de earne massa kin krepeare  
wat kin ús dat deare  
de wrâld giet dochs nei de bliksum, dat kin wy net keare

frede kinst wol ferjitte  
net mei sitte  
op alle oaren sjitte  
dy moat it sels mar witte  
de sterkste sil de wrâld regeare  
wat kin ús dat deare  
dy wrâld giet dochs nei de bliksum, dat kin wy net keare

© Doede Veeman  
op jiddyske wize (Lomir sich iberbet'n)